

De lytse kannibaal

A photograph showing a man and a woman celebrating. The man, on the right, is wearing a white and black polo shirt and glasses, with his arms raised in a 'V' shape. The woman, on the left, is wearing a striped shirt and a dark top, also with her arms raised. They are in a room filled with trophies and awards, suggesting a victory celebration. The background is dark, and the lighting is focused on the subjects.

Elmar Kuiper

DE LYTSE KANNIBAAL



DE LYTSE



Elmar Kuiper

KANNIBAAL

TRAGIKOMEEDZJE YN TWA BEDRIUWEN

Elikser 2014

OER 'DE LYTSE KANNIBAAL'

TITEL

'De lytse kannibaal' slacht op Sjoerd Lautenbach. Syn heit makke him gauris út foar kannibaal, omdat er altyd sa roppich wie en sa'n soad iten op koe. It wie ek syn bynamme as hurdfytser. Sjoerd wûn in soad wedstriden, mar wie net fan it kaliber Merckx, dy't 'de kannibaal' neamd waard en hjoed-de-dei beskôge wurdt as de grutste hurdfytser aller tiden.

TIID

De sênes mei Anastasia en Sjoerd spylje har yn 'e Healthclub en by Sjoerd thús (op bêd) ôf: de deis foar it feest, de jûns fan it feest en de moarns nei it feest. Fierder spilet it stik him ek foar in part yn it ferline ôf. Guon sênes litte de kaaimominten sjen út it libben fan 'e personaazjes. Lykas Sjoerd, Jehannes en Sjoukje as pubers fan 13 en 14 jier, heit en mem as âlders fan 39 en 40 jier. Gauris spilet in sêne (út it ferline) troch wylst de oare sêne (yn it no) al begûn is. It stik kriget dêrtroch ekstra faasje. Sa út en troch rinne dream en werklikheid yninoar oer.



KOARTE YNHÂLD

'De lytse kannibaal' is in tragikomeedzje yn twa bedriuwen. Sjoerd Lautenbach is eks-hurdfytser en hat yn it ferline in soad wedstriden wûn. Dochs hat er foar syn gefoel net it maksimale derút helle. Professional is er nea wurden. Om syn kondysje wat op peil te hâlden traint er yn Healthclub Lautenbach. Dy club stiet op namme fan syn broer Jehannes. Beide bruorren hawwe amper kontakt mei elkoar. Op in reinige moarn kriget er ynienen in tillefoantsje fan Anastasia, in âld-freondintsje en rondemiss út de ronde fan de Takomst. Sy hat syn 06-nûmer fan Jehannes krigen en wol graach delkomme. Sy siket Sjoerd op yn 'e Healthclub en konfrontearret Sjoerd mei it ferline. By de noas lâns fertelt sy dat sy in útnoeging krigen hat fan Jehannes. Hy en Sjoukje binne koartlyn yn Milaan troud en it troufeest sil moarn yn 'e Healthclub plakfine. Sjoerd rekket fan slach. Anastasia keapet in presintsje foar it breidspear. De ûntknoping hat mei dat presintsje te krijen, mei Anastasia har bekenenis, dy't ynslacht as in bom.

DE RONDE FAN DE TAKOMST

De ronde fan de Takomst, in swiere etappekoers fan tsien dagen yn it bûtenlân, foarmet de reade tried fan it stik. Dingen dy't dêr plakfûn ha, binne foar in grut part bepalend foar it fierdere ferrin fan 'De lytse kannibaal'. Sa koe Sjoerd dêr in profkontrakt fertsjinje, mar jage in hûn de boel yn 'e bulten. Anastasia krige ûnder de ronde in relaasje mei Sjoerd. Doe't Sjoerd út 'e koers rekke, paste sy op him en brocht him nei it fleanfjild ta. Heit en Jehannes makken de ronde yn harren funksje wol ôf. Heit as ploechlieder en Jehannes as jildsjitter. Sy rinne Anastasia tsjin it liif en dêr komt hiel wat efterwei.

RELAASJES

Sjoerd hat ferwiten nei himsels ta en is ûnwis yn 'e leafde. Hy hat langst nei Sjoukje, syn jeugdfreondinne, dy't koartlyn mei Jehannes yn it houliksboatsje stapt is. Heit is in ego-sintryske, narsistyske man, dy't Sjoerd as jonkje it libben soer makke. Heit hat benammen begrutsjen mei himsels en is ûntefreden oer de rin fan syn libben. Hy kriget in Bibel fan syn frou kado, om in goed mins te wurden, mar dat jout amper fertuten. Mem besiket dêr wat tuskentroch te skipperjen, liket in finzene te wêzen fan harsels en har relaasje mei har man. Jehannes blaast út in grut gat en libbet dêr ek neffens. Syn skynbere nonsjalânse en opsnijerij brekke him raar op.

DEKOR EN OMBALLINGEN

It stik spilet him foar it grutste part yn 'e Healthclub (in soarte fan fitnessromte) fan Jehannes Lautenbach ôf. Der is in yngong (doar) nei de Healthclub ta en in yngong (doar) nei it ferline



ta. De flashbacksênes spylje harren foar it grutste part oan 'e lofterkant fan it toaniel ôf, lykas in sêne mei heit en mem oan 'e itenstafel. It dekor rjochts: Dêr stiet in rollerbank mei racefyts en in fitnesstastel. It dekor lofts: In tafel mei fjouwer stuollen, itensark (earste bedriuw) en in Bibel, en in krús en wat oare snústerijen oan 'e muorre. Yn it twadde bedriuw stiet dêr in rein-tonne. Oan 'e efterwand hinget in medaljekast en op it dressoir pronkje bekers en trofeeën. Der hinget ek in foto fan Sjoerd. Hy hat in medalje om 'e nekke en hâldt in beker fêst.

LÛD

We hearre it lûd fan in reinbui yn 'e sênes dy't yn it hjoed spylje. Sa no en dan de stim fan in ferslachjouwer, in hûn dy't blaft, de rinkoltoan fan in mobylysje, Tour de France-finishmuzyk en karnavalsmuzyk.

TEMA

De personaazjes yn 'De lytse kannibaal' sitte fêst yn 'e mal fan it bestean. Patroanen werhelje harren as it tikjen fan de klok. Harren libben is in lapkestekken fan liende en net bewuste ynfloeden. Hja binne har te min bewust fan it no, dat har as in iel troch de fingers glûpt. It stik is eins in spiegel foar de moderne mins, dy't mei gloede syn roltsjes yn it maatskiplike libben spilet, mar hieltyd fierder fan himsels ôf komt te stean. Hy leaut yn de dualiteit fan it bestean, bewekket syn eigen stikje grûn. Hy libbet yn 'e holle en net yn it hert, hy stelt te min fragen en follet it antwurd te hastich yn. Hy ligt ûnder syn eigen gedachten.

PERSONAAZJES

Sjoerd, 14 en 40 jier

Jehannes, 14 en 40 jier

Anastasia, 39 jier

Sjoukje, 13 en 39 jier

Heit, 40 en 70 jier

Mem, 39 en 69 jier

Freon fan Jehannes, 41 jier

Heit fan Sjoukje, 68 jier

Mem fan Sjoukje, 66 jier



EARSTE BEDRIUW

SÊNE 1

SJOERD

(Ljocht lofts oan, fêste spot op Sjoerd dy't op 'e racefyts sit. (finishmuzyk, Sjoerd fytst op 'e rollerbank en begjint hieltyd hurder te traapjen. Muzyk stjert út) Kommentaarstim: Dames en heren daar komen de kleppers aan en als ik goed zie, zit er in eerste positie een klepper van de Friesche Leeuw. Jazeker... wat een tred, wat een souplesse, één brok klasse. Het is de kleine Kannibaal... Lieve hemel, de klasse druipt eraf. Een erelijst om u tegen te zeggen. Hij degradeert de anderen tot ordinaire mee fietsers, tot anonieme pedaleurs. Iedereen moet onder in de beugels, een tandje erbij steken om in het spoor van deze klasbak te blijven. Niemand kan het achterwiel houden. Hij fietst het hele peloton op een hoop. God wat fietst die jongen hard! Eenzame klasse. Daar komt ie aan, geef hem een daverend applaus. Hier fietst de Kannibaal, de winnaar van de ronde van de Toekomst... (Sjoerd steekt de earms út en docht krekt of hat er de wedstryd wûn. Muzyk en kommentaarstim stjerre út)



SJOERD *(himet)* ...ik fret se allegear op... ik hoech dy bantsjeplakkers mar in tel yn 'e eagen te sjen en wit hoe let oft it is... hup... in toskje derby... en tsjâk, tsjâk, tsjâk... *(bûcht him foaroer, docht de hannen ûnder yn 'e bûgels)* my sjogge se net werom... *(in mobylytsje giet oer, Sjoerd stapt ôf en nimt op)* Mei Sjoerd. Hallo... mei wa? Anastasia? Hoe... hoe komsto oan myn nûmer? Fan Jehannes krigen? Lang lyn ja... Wat seist? Yn Néderlân?... Bêd en breakfast... En do wolst nó delkomme? Ehh... no ja ehh... deun om 'e hoeke... Tsjustere wei 10... Healthclub Lautenbach... oant aansens... *(docht mobylytsje út, liket mei de sitewaasje oan te wêzen)*

SÊNE 2

ANASTASIA EN SJOERD

Alle ljochten oan. Simmer. We hearre it lûd fan in reinbui. Sjoerd makket syn fyts skjin, helle mei in toskeboarstel smoargens tusken de tosktsjillen wei. Hy hat net yn 'e gaten dat Anastasia op it toaniel ferskynt. Har hier en klean binne dweiltrochwiet. Sy hat in reiskoffer by har en sjocht dat Sjoerd drok yn it spier is. Hy lit it foartsjil draaie en sjocht oft der ek in slach yn it tsjil sit. Anastasia helle in toskeboarstel út 'e koffer en poetst demonstratyf de toskten. Sa gau't Sjoerd it kamrêd skjinmakke hat, hâldt Anastasia op fan toskpoetsen. Sjoerd sjocht har. Hy hâldt de racefyts beet. De fyts foarmet in skyld tusken him en Anastasia.

SJOERD (*skrikt*) Och heden, dêr wiest al!

ANASTASIA De doar stie iepen.

SJOERD It is hjir hyt. Dan kin it wat trochsige. (*Sjoerd en Anastasia sjogge elkoar ynkringend oan*)

ANASTASIA Kom hjir ris...

SJOERD (*Sjoerd set de fyts oan 'e kant en rint nei Anastasia ta*)

ANASTASIA (*krûpt him oan*) O Sjoerd...

SJOERD (*Sjoerd fielt him net op syn gemak, wrakselet him los en rint by har wei*)

ANASTASIA (*docht de koffer iepen*) Ik ha wat foar dy. (*Anastasia smyt de toskeboarstel nei Sjoerd ta*)

SJOERD Wat moat ik dêrmei?

ANASTASIA Krij him op.

SJOERD Hoesa? (*hy makket gjin risselwaasje om de toskeboarstel op te krijen*)



ANASTASIA Krij him op.

SJOERD (*kriiget de toskeboarstel fan 'e grûn*) Sa'n âlde toskeboarstel?

ANASTASIA Dy hasto lizze litten.

SJOERD (*besjocht de toskeboarstel*) By dy?

ANASTASIA Wêr oars. Hasto ek in handoek?

SJOERD (*wiist*) Dêr. Wat bringt dy hjir? Ik bedoel... wêrom sikest my op?

ANASTASIA (*pakt de handoek, droeget har ôf*) It brulloftsfeest...

SJOERD (*laket*) It brulloftsfeest?

ANASTASIA Doch net sa ûnnoazel.

SJOERD Wa is der trouw?

ANASTASIA Dyn broer ommers.

SJOERD Jehannes?

ANASTASIA Yn Milaan... in wike lyn... mei Sjoukje.

SJOERD (*spottend*) Toe mar.

ANASTASIA Do witst fan neat?

SJOERD Nee, ik wit fan neat. (*fertwivele*) Mei Sjoukje... mei Sjoukje...

ANASTASIA Jehannes hat my sels útnoege.

SJOERD Jehannes? (*kwasyûnferskillich*) Och wat kin it my ek skele. Marre... moatsto dan net nei Milaan ta om feest te fieren?

ANASTASIA (*docht wat rek- en strekoefeningen oan in fitnessstastel*) It feest sil hjir wêze.

SJOERD Hjirre? Hoe is it mei de holle?

ANASTASIA (*hellet de útnoeging út 'e koffer en langet dy Sjoerd oer*) Asjeblyft!



SJOERD Tsss... (*lêst yn sân hasten*) Het bruidspaar laat u weten... Feest in Healthclub Lautenbach... 15 juli... Kadotip...

ANASTASIA Sjochst no wol? Hasto gjin útnoeging krigen?

SJOERD (*jout de útnoeging werom oan Anastasia, is hielendal fan slach*) Nee... wêrom wit ik fan neat. En it feest... 15 july... dat is moarn al... mar dat kin net... dit is myn plakje... ik train hjir sawat alle dagen... wat sis ik... ik wênje hjir sawat. Hoe doart er...

ANASTASIA (*docht de wiisfinger foar de lippen*) Ssst.

SJOERD (*makket him lilik*) Nee... net sst... hy siket mar in oar plak om feest te fieren. Hy noeget dy al út en syn bloedeigen broer net... Wêrom sikesto him eins op? Ik bedoel, do hast him mar in blaumoandei meimakke. Hasto noch kontakt mei him?

ANASTASIA Sa út en troch stjoert er in kaartsje. Hy hâldt it paad waarm.

SJOERD O, sit dat sa. Dat hat er my nooit ferteld.

ANASTASIA Jimme rinne de doar ek net plat byelkoar, no.

SJOERD No nee, marre...

ANASTASIA (*lange stilte*) Hoe sit it eins tusken ús, Sjoerd?

SJOERD (*wol mei de racefyts op 'e rollerbank stappe*) Wat bedoelst?

ANASTASIA (*hâldt him tsjin*) Wêrom haw ik neat fan dy heard?

SJOERD (*lûkt oan de skouders, hâldt de holle foardel*)

ANASTASIA (*pakt de fyts fan Sjoerd ôf en set him oan 'e kant*) Gjin sms'ke, gjin mailtsje, gjin kaartsje, neat...

SJOERD (*ûnwis*) Ik wit net wat ik sizze moat. (*Anastasia pakt Sjoerd beet*)

ANASTASIA (*wiist nei de giele trui dy't oan 'e muorre hinget*) Do hiest de giele trui. (*rint nei de trui ta*)

SJOERD (*libbet op*) De liederstrui... suver om 'e lea getten. Ik wie yn topfoarm.

ANASTASIA Wy koene net fan elkoar ôfbliuwe.



JEHANNES It wie ferkeard.

ANASTASIA Wy wiene foar elkoar bestimd. Sjoerd? Sjoerd?

SJOERD It hie net moatten.

ANASTASIA Ik wachte dy trou by de finish op. Ien foar ien rûgelen se oer de streek.

SJOERD (*ôfwêzich*) De sânde etappe... in hûn... der stuts samar in hûn oer... fuort klassemint... fuort!

ANASTASIA Do hast my raar sitte litten. (*stapt kordaat op Sjoerd ta*)

SJOERD (*yrritearre*) Hoesa? It is al sa lang lyn Anastasia. Wêr hast it oer. Ik koe de ronde fan de Takomst winne...

ANASTASIA (*hellet in trofee út 'e koffer*) Mar dat slagge dy net. (*Anastasia lêst de ynskripsje*) De priis foar de meast striidlustige hurdfytser. Asjeblyft. (*jout de trofee oan Sjoerd*)

SJOERD Wat moat ik dêrmei?

ANASTASIA Dy hasto by my slingerje litten. Ik ha der tsien jier lang op ompoetst. Ik hie noch flauwe hoop en tocht: der komt in dei dat Sjoerd Lautenbach syn trofee ophellet.

JEHANNES *(besjocht de trofee)* Ik wol dêr net oan weromtinke.

ANASTASIA *(hellet de koffer op, leget de ynhâld boppe Sjoerd syn holle, der rûgelje bûsdoeken út.)* Asjeblyft.

SJOERD Bûsdoeken?

ANASTASIA Bûsdoeken ja.

SJOERD *(droech)* Poetslapen... it binne oars moaie poetslapen! *(pakt in bûsdoek)*

ANASTASIA *(triuwt him in bûsdoek ûnder de noas)*

SJOERD *(draait de holle ôf)* Hâld op ju.

ANASTASIA *(triuwt him in oare bûsdoek ûnder de noas)*

SJOERD Anastasia, asjeblyft...



ANASTASIA *(emosjoneel)* Bûsdoeken fol triennen. Myn triennen.

SJOERD *(rint fuort)*

ANASTASIA Lefbek.

SJOERD Toe no...

ANASTASIA *(rint efter him oan, kriget syn hân beet)* Ik ha op dy wachte. Nei dy útsjoen. Mar do kaamst net. *(trofee falt oer de flier)* Ik ha net in stom wurd fan dy weromkrigen. Hasto myn brieven wol bewarre?

SJOERD *(twivelet)* Dyn brieven... ik moat se wol earne hawwe... mar wêr...

ANASTASIA Dweil.

SJOERD *(draait de holle ôf)* Do dûktest ommers mei Jan en alleman de koffer yn.

ANASTASIA O ja? Tinksto dat? Wêr sjochst my eins foar oan? Foar de earste de bêste stoeipoes? Goed, ik wie jong en nayf... Ik miende dat der wat opbloeide tusken ús *(rint fuort, stoareaget foar har út)*. Do koest sa lekker tútsje. Wy wiene wiis meielkoar.

SJOERD Mar dy hûn hat alles foar my ferbruid. En ik lei dêr foar dea yn 'e berm. It stjoer bryk, de tsjillen dûbel... de skouderbonke stikken... skyld fan kop ta tean.

ANASTASIA Dy hûn hie oars syn heup én kaak stikken.

SJOERD (*yrritearre*) Och, hâld op oer dat bist.

ANASTASIA Dy hûn ha se ynslepe litten. Ik ha dyn wûnen fersoarge, ferjit dat net. Do woest beslist net nei it sikehûs ta. Ik die knineblêden op 'e seare plakken, foar de bloedsuivering.

SJOERD De ronde fan de Takomst wachte net op my.

ANASTASIA Dyn ronde siet derop. Ik brocht dy nei it fleanfjild en do seist: Pop, oant gau... En ik mar wachtsje. De hjerst reage de blêden fan 'e tûken. (*stilte*) De winter kaam. (*sjocht omheech en stekt de hân út*) It earste flokje foel. Do soest my wer opsykje. Ik soe in sniepop foar dy meitsje, mei eagen fan Ingelske drop en wynbrauwen fan fiterdrop. In sniepop... Mar do... hast my nea wer... opsocht... Ik ha alle drop opfretten... fan klearebare stress. It waar sloech om, ûnder myn hannen raande de snie.

SJOERD (*makket gjin eachkontakt*) Ik hold fan in oar. (*krijet de trofee op*)



ANASTASIA (*rint nei Sjoerd ta*) Dat mienst net... sis my datst it net mienst.

SJOERD Ik mien it.

ANASTASIA Hoe hjit se, sis op. Ik wol it witte. Ik ha der rjocht op.

SJOERD Do hast nearne rjocht op.

ANASTASIA O nee?

SJOERD Om dy ha ik noait in spat jûn.

ANASTASIA Dat mienst net.

SJOERD Do wolst witte hoe't se hjit?

ANASTASIA Sis it mar. Kom mar op.

SJOERD Sjoukje. Ik hâld fan Sjoukje... Lit my asjeblyft allinne. (*hâld de doar demonstratyf iepen*) Asjeblyft, gean fuort.

ANASTASIA *(docht de doar wer ticht)* Sa maklik komst net fan my ôf.

SJOERD Mar do komst as in tongerslach út in klear loft. Kinst dy yntinke dat ik der mei oan bin?

ANASTASIA Sjoukje dus. Se draacht no yn elts gefal deselde efternamme. Sjoukje Lautenbach.

SJOERD Stil! Ik wol it net hearre.

ANASTASIA Nee, do wolst it net hearre... Ik ha it sjoen... yn dyn himelsblauwe eagen... it jonkje... lyts holden troch mem, delhelle troch heit. Yn dy skriemt dat jonkje...

SJOERD *(op 'e fyts, fûleindich traapjend)* Hâld der oer op.

ANASTASIA Sjoerd leave... *(Sjoerd stapt ôf en rint nei Anastasia ta. Sy slacht de earms om him hinne)*

SJOERD *(faget him it swit ôf)* It hie sa moai wêze kinnen. In profkontrakt by Discovery. By de Muur van Huy opstoempe, it publyk yn ekstaze efterlitte. Luik-Bastenaken-Luik, Parys-Roubaix... útblink op 'e kasseien.... de Tour de France... it wrâldkampioenskip as neigesetsje. Mar neat dêrfan. Doe't it derop oankaam, ha ik it sitte litten... Koe ik it seizoen net ôfmeitsje. Mocht ik it jier dêrop kermiskoersen ride. Harrejasses. Dy hitsige draaimûnen, dy opfokte sfear. Dy lucht fan patat, oaljekoeken en frikandellen. Bah!



ANASTASIA *(lange stilte)* Hoe is it mei dyn heit?

SJOERD *(skuort him los en rint fuort)* Begjin dêr net oer. Ik wol net oer him prate. Klear. Ut.

ANASTASIA Wêrom net?

SJOERD No gewoan... Dêrom net.

ANASTASIA Wat is dat no foar antwurd.

SJOERD Wat moat ik dan sizze? Dat it in sekreet is? Dat er yn syn earste leagen net smoard is? Dat de hannen my jokje as ik him tsjin it liif rin?

ANASTASIA Spitich.

SJOERD It is net oars. It libben is wreed. *(ljocht lofts út, Anastasia en Sjoerd fia de sydkant fan it toaniel ôf)*

SÊNE 3

HEIT, MEM, SJOERD 14 EN JEHANNES 14

Flashback

HEIT (*Ljocht lofts oan, Jehannes 14 en Sjoerd 14 op. Heit komt oan 'e lofterkant op, makket each-kontakt mei Sjoerd 14, klakt in pear kear mei de tonge. Ljocht rjochts oan. Sjoerd 14 stapt fluch op 'e fyts en begjint him yn it swit te jeien*) Wat in útslover net? (*nei it publyk ta*) It hat altiten al in fanatyk mantsje west. Mem rekke swier en wie sa beroerd as in kat. De dokter sei: Jo sette mei faasje útein, der swimme twa mantsjes yn jo búk! Sjoerd kaam der as earste út. Trije parsfleagen, in oerkreet en voilà, dêr wie mynhear. En ráze.

MEM (*mem komt op*) In oerke letter kaam Jehannes. Blau om 'e snút. Lonkjes fol fruchtewetter. O wat hie er in leaf gûltsje!

HEIT Sjoerd friet it oer fan mem sawat op. Jehannes koe mei belied drinke. Nachts wiene we gauris yn 'e baan. We moatte tankber wêze sei mem, God hat it sa wold. In jier mêke Sjoerd nachts om. It wie in wekker baaske. In driftkop. En trochslepie? Ho mar.

MEM Sjoerd die hazzesliepkes. Ik krige gjin wink yn 'e eagen. Heit die dan de sobber deryn, mar Sjoerd spuide it ding fuort wer út.



HEIT Ik koe him wol wat dwaan. En Jehannes? Jehannes wie sa leaf. Hy glimke allinne mar. In modelpoppe. In geskink fan God. Sa tefreden.

MEM Jonges, we kinne ite!

HEIT Aantreden! (*Heit giet oan tafel sitten. Sjoerd 14 en Jehannes 14 skowe oan. Mem dekt de tafel. Jehannes en Sjoerd tsiere en sitte elkoar oan it liif*)

SJOERD 14 Au, au, au!

HEIT (*lûkt Sjoerd oan 'e earlel*) Mislike jonge.

MEM Toe heit, sa mâl hoecht it net.

HEIT (*tsjin mem*) Wêr bemoeisto dy mei?

JEHANNES 14 Sjoerd begûn, heit.

SJOERD 14 Net wier, do.

MEM Hâld op fan tsieren.

HEIT Sjoerd? (*Heit jout De hillige Histoarje oan Sjoerd, slacht it boek iepen, side 77, en wiist haadstik 33 oan*) Hjir begjinne. En net te hastich hin. (*Jehannes spytgnysket*)

SJOERD 14 (*lêst monotoan foar*) IT LÂN FAN 'E RÊST. It wie net lang nei dy tiid dat men Jozef oansei: 'Sjoch jimme heit is siik en sil it wol net lang mear meitsje.' Hy naem daliks syn beide soannen, Manasse en Efra... Efreim...

HEIT Efraïm, der stiet Efraïm.

SJOERD 14 ...Efraïm mei en reizge nei de provinsje Gosen. Hja founen de âlde man op syn divanbêd, mar hy siet noch oerein mei de fuotten by it bêd del en syn lûd wie noch klear en syn geast wie noch helder. Hy bigoun daliks oer Jozef syn soannen: 'De Almachtige hat my seinge, to Loez yn it lân Kana... Kana...

HEIT Kanaän.

SJOERD 14 Kanaän en Hy hat tsjin my sein: Ik sil dyn bern dit lân ta in ivige bisitting jaen; nou dan, Manasse en Efra... Efraïm sil ik oannimme as myn eigen bern...

HEIT Genôch sa.



MEM Yt lekker. (*heit en mem, Jehannes en Sjoerd begjinne bôle te iten*) Jehannes hie wolris begrutsjen mei syn broer. Hy frege him faak ôf wêrom't heit altiten tsjin him oan pisse moast. (*mem komt oerein, rint by de tafel wei, brûkt it hiele toaniel. De oaren ite troch, sûnder eachkontakt mei mem te meitsjen*) Hy hat ek gjin rêst yn it gat, rôp heit. Hy is dy út 'e bek stapt. Of: Sjoerd, gean mar in blokje om, ik wurd net goed fan dat neuroatyske gedoch. Wat heit dêr krekt mei bedoelde wist er sels ek net. Sjoerd gie yndied in blokje om. Hy helle heit syn Louison Bobet út it hok, die de foet yn 'e toeklip en fytste fuort. De wyn aaide him oer it wang, it sintsje lake him ta.

HEIT Jûns let, by Valkenburg, waard er fan 'e dyk ôfhelle. Der draaide in auto it hiem op. Plysje. It efortersjil fan myn Bobet stuts út 'e kofferbak...

MEM Freonlik... de plysjeman wie o sa freonlik... mar ik wie der finaal mei oan. O bern wat moast ik gûle... En heit koe him mar krekt goed hâlde en preke foar it âlde gat wei. (*teatraal*) O jonge, wat dochsto ús oan. (*deun by it publyk*) Ik sil foar dy bidde. (*mem giet wer sitten*) En heit die de hannen gear. (*heit docht de hannen gear*) En de dagen fleagen foarby. Sjoerd krige op 'e jierdei in hagelnije fyts.

HEIT In Colnago! Italiaanske kwaliteit.

MEM (*mem giet sitten oan tafel*) Toe Sjoerd, wês net sa roppich. Nim in foarbyld oan Jehannes.

HEIT *(ropt)* Dy jonge is in kannibaal. Ha ha! Kan-ni-baal! *(gniist om syn eigen fernimstigens)*
En? Hasto hjoed noch traint? De kilometers opfretten? Of wie it waar dy wer ris te min.
No?

SJOERD 14 Dat giet jo gjin byt oan.

HEIT Wat seisto?

SJOERD 14 Neat.

JEHANNES 14 ... dat it jo gjin byt oangiet...

SJOERD 14 Klikspaan.

MEM Jonges, asjeblyft.

HEIT Hasto dat sein Sjoerd?

SJOERD 14 Ik sei allinne dat it jo neat oangiet.

JEHANNES 14 Net wier heit.



HEIT Yndied, dat seisto net. *(siket befêstiging by mem)* Hat mem it ek heard? Ik hearde dochs dúdlik it wurd byt. Of net dan?

MEM *(skrutten)* Ja.

HEIT Hoe doarst! *(Sjoerd 14 dûkt fuort mar kriget in dúst op 'e hûd)*

MEM Meitsje dyn heit no net lilik Sjoerd.

SJOERD 14 It is net earlik mem...

HEIT Elts dûbeltsje ha 'k foar dy omdraaid... en mynhear hat in djoere fyts ûnder de kont... en wat krij ik? Stank foar dank. Mar do silst dy fyts weromfertsjinje, hoe dan ek. Dêr haw ik rjocht op. Traine... do silst traine... yn waar en wyn. Do moastst hurd wurde. Suertsje! *(lilk)* Yn 'e hoeke do! *(Sjoerd 14 rint nei de hoeke fan 'e keamer en stiet mei de rêch nei it publyk ta. Ien spot op Sjoerd 14)*

De oaren dogge de hannen gear en bidde. Romje de tafel op en geane fan it toaniel ôf.

HEIT Tink mar ris nei oer dyn sûnden. *(Sjoerd 14 bliuwt yn 'e hoeke stean)*

SÊNE 4

ANASTASIA EN SJOERD

Fuortsetting fan sêne 2. Sjoerd 14 stiet yn 'e hoeke mei de rêch nei it publyk ta.

SJOERD *(komt op, ljocht oan)* As ik de eagen ta die, reinde it stjerren.

ANASTASIA *(komt op)* Do hiest it hert fan in liuw.

SJOERD De motivaasje wie fuort.

ANASTASIA De winner krige trije tuten. Dat hearde by it protokol.

SJOERD Dy tuten hie ik fertsjinne. Ik hie de ronde fan de Takomst winne kinnen. *(begjint te grinen)* Dy rothûn... O Anastasia... *(knibbelet del foar Anastasia)* Wat moat ik sizze? *(stilte, yn 'e fierte it blaffen fan in hûn)* Hearsto dat ek? In hûn, ik hear in hûn... *(hûn hâldt op fan blaffen)*

ANASTASIA Ssst... Sis mar neat. *(streaket Sjoerd oer it hier)* It is goed sa. *(Sjoerd gûlt, ljocht lofts út)*



SJOERD *(ljocht lofts oan)* Wêr silst hinne?

ANASTASIA Ik keapje in presintsje foar Jehannes en Sjoukje.

SJOERD Komst sa werom?

ANASTASIA *(rint nei de doar ta)* Ja hear! Oant sa. *(Sjoerd stapt op 'e rollerbank en begjint te fytsen)*

SÊNE 5

JEHANNES, SJOERD, SJOUKJE, SJOERD 14 EN JEHANNES 14

Dit is in dreameftige sêne. Sjoerd fyts op 'e rollerbank. Hy docht mei oan in tinkbyldich kritearium. Lûden fan de wedstryd op 'e eftergrûn, de wedstrydspeaker dy't sa no en dan te hearren is. Sjoerd 14 stiet mei de rêch nei it publyk ta. Jehannes komt op en giet yn 'e lotushâlding op 'e itenstafel sitten. Hy draacht in yndianetoai en neamt himsels Vredestein. Docht de earms krúslings oerelkoar. Komt ynienen oerein, stekt de iene skonk omheech, dêrnei de oare skonk. It liket krekt of fiert er in ritueel út. Rint dêrnei nei Sjoerd 14 ta.

JEHANNES Uch. Wat no? Hat it jonkje straf? Wêrom Jehannes net? (*makket in gebear mei de hân, Jehannes 14 komt oan 'e rjochterkant op*)

JEHANNES 14 (*hellet in beurs út 'e bûse en telt, lûdop, it lytsjild*) Ien gûne, ien fyftich, twa gûne, twa fyftich...

JEHANNES (*rint nei Jehannes 14 ta*) Jehannes hat de wite Mercedes fan heit wosken. Jehannes is braaf.

JEHANNES 14 (*docht it jild yn 'e beurs, stekt de tonge út nei Sjoerd 14. Wer ôf*)

JEHANNES (*rint nei Sjoerd ta*) Wêr soe de lytse kannibaal oan tinke? (*wiist nei Sjoerd 14*) Kinst noch wol tinke ast ôfsjochst as in beest? (*lûkt ynienen oan in bel*) De lêste ronde, de lêste ronde! Kom op Sjoerd. (*nei it publyk ta*) Kom op, we moatte him oanmoedigje. Sis my nei: Kân-ni-báál, kan-ni-báál, kan-ni-báál (*publyk seit Jehannes nei*)

(*kommentaarstim*) En daar komen ze... uit de laatste bocht... twee man... ik zie... Sjoerd Lautenbach... de kleine kannibaal... hij gaat van kop af... en in z'n wiel... een renner... helemaal in het wit gestoken... God... het is God... maar geen schijn van kans... daar komt de kannibaal... hij vreet hem op... nog 100 meter... nog 75 meter... God probeert nog iets... 50 meter... te laat... God z'n benen lopen vol... God verzuurt... mensen het is te laat... daar komt hij... en de winnaar is...



JEHANNES ... de kannibaal. Sjoerd, de kannibaal! (*Jehannes docht de earms fan Sjoerd omheech. Sjoukje komt op*)

SJOUKJE (*fljocht nei Sjoerd ta*) O Sjoerd, do hast wûn! (*Jehannes pakt fytspompe fan Heit. Heit ôf*)

SJOERD (*stapt ôf, himet*) Sjoukje! (*set de fyts oan 'e kant*)

SJOUKJE (*slacht de earms om him hinne*) Lokwinske hin!

JEHANNES (*triuwt Sjoerd in fytspompe as mikrofoan ûnder de noas*) En... wat gaat er nu door je heen? God verslaan in een rechtstreeks duel... Dat is toch ongelofelijk?

SJOERD (*himet*) Ja... ik weet niet wat ik moet zeggen... Ik voelde mijn benen niet... Ik ben in de vorm van mijn leven...

JEHANNES En dan pers je er nog zo'n eindsprint uit...

SJOERD Normaal gesproken ben ik niet zo rap. Dat zegt mijn vader ook altijd.

JEHANNES Er gaan geruchten dat hij de nieuwe ploegleider wordt.

SJOERD Ik kan die geruchten niet bevestigen.

JEHANNES (*triuwt it fytspompke ûnder Sjoukje har noas*) Zo zo... En wie hebben we hier?

SJOERD Ehh...

SJOUKJE (*pakt de fytspomp fan Jehannes ôf en wol him dêrmei op 'e holle huffe*)

JEHANNES (*dûkt fuort*) Nou, nou, deze dame heeft pit.

SJOUKJE Hoe durf je! Ik ben Sjoerd z'n persoonlijke begeleider. (*Sjoerd docht de earm om Sjoukje hinne*)

JEHANNES (*gniist, pakt de fytspomp fan Sjoukje ôf*) Aha. Dus jij zorgt ervoor dat hij de sterren van de hemel fietst. Hoe doe je dat, ik bedoel...

SJOUKJE Gaat jou dat iets aan?

JEHANNES (*nei Sjoerd ta*) Sjoerd, wat staat er nog meer op je verlanglijstje?

SJOERD (*sjocht Sjoukje oan*) Sjoukje?



SJOUKJE De ronde van de Toekomst...

JEHANNES ... als slagroom op het toetje?

SJOUKJE (*serieus*) Als slagroom op het toetje.

JEHANNES Als slagroom op het toetje... ha ha... (*Jehannes jout de fytspomp oan Sjoukje en rint fan it toaniel ôf*)

SJOUKJE (*yn tinzen wei, liket te dreamen*) Sjoerd? Sjoerd? (*blaast mei de fytspomp kâlde lucht oer it gesicht fan Sjoerd hinne*) Sille we ophâlde mei dizze komeedzje. (*grynderich*) Sjoerd. Wat west hat, hat west. We libje no. Do hast genôch prizen wûn.

SJOERD (*sjocht Sjoukje fertrietlik oan*) Mar de haadpriis net...

SJOUKJE Sis dat net Sjoerd. Ik ha it der dreech genôch mei. Ik reitsje fan slach asto sokke dingen seist.

SJOERD Hoesa? Ik hâld fan dy en do hâldst fan my. Sa simpel is it.

SJOUKJE Sa simpel is it nê't Sjoerd. Ik kin net mear werom.